

Word jij oma of **wurdsto beppe?**
Word jij opa of **wurdsto pake?**
Praat mar Frysk, ek mei dyn bernsbern

Mei de pake&beppe-kampanje fan 9 o/m 23 jannewaris wol de Afûk pakes en beppes bewust meitsje fan de bysûndere rol dy't sy spylje kinne yn de taalûntwikkeling fan harren bernsbern. Bern dy't benammen yn it Nederlânsk grutbrocht wurde, kinne de Fryske taal dochs meikrije fan harren Frysktalige pake of beppe.

Yn de kampanjeperiode hingje rûnom yn de provinsje posters mei de fraach 'Wurdsto pake of word jij opa?' en 'Wurdsto beppe of word jij oma?'. De kampanje begjint op sneon 13 jannewaris om 16.00 oere by Van der Velde Boeken yn Snits. Jan Arendz sil dan foarlêze út it nije boek fan Mirjam van Houten, *It Grutte Pake&Beppe Foarlêsbok*.

Ek de oare foarlêzers lêze live foar:

- Freed 19 jannewaris om 11.00 oere: Leny Dykstra by de Afûkwinkel yn Ljouwert
- Sneon 20 jannewaris om 11.00 oere lêst Joop Wittermans foar by Van der Velde Boeken yn Drachten
- Op sneon 27 jannewaris om 11.00 oere lêst Hilly Harms foar by Boekhandel Burgum.

Spesjaal foar oppaspakes en -beppes is in 'oppastas' makke mei dêryn *It Grutte Pake&Beppe Foarlêsbok*, in boekje mei oppastips en oare aardichheidsjes.

Sjoch ek op www.pakebeppe.frl.



Frysk bedriuw? Meitsje it sichtber!

As Frysk bedriuw kinst dyn Fryske identiteit fersterkje troch it Frysk sichtber te meitsjen. 'Praat mar Frysk' fan de Afûk kin dêrby helpe yn sawol praktyske as finansjele sin. Wy tinke op in iepen en kreative wize mei dy mei oer hoe't en wêr't je it Frysk sichtber meitsje kinne. Sa hawwe wy bedriuwen bygelyks al holpen mei in nije Fryske hússtyl, mei Fryske menukaarten, gevel- en/of muorreteksten of folders. Fansels soargje wy dêrby foar korrekte oersettingen. Wy tinke ek graach mei as it giet om taalbelied by ynterne en eksterne kommunikaasje en de oplieding fan persoanen. Op dy wize kin it brûken fan de Fryske taal as in plus wurkje op dyn bedriuwsideantiteit, klantrelaasjes en de bining mei de regio.

Wy komme graach by jo del! Dan kinne wy mei-inoar de winsken yn kaart bringe, passend by it bedriuw en de bedriuwsideantiteit. Belangstelling? Sjoch op:



Frysk yn it nije pân fan de bistedokter yn Grou. Foto: Jacob van Essen, Hoge Noorden.


OPROP

Foar de nije podcast Alderraarst sykje wy, Akkers en Velden, yn gearwurking mei de Afûk, bysûndere ferhalen út dyn omjouwing.

Alderraarst fertelt de moaiste fergetten en ûntdutsen Fryske ferhalen; dat iene noch noait fierder fertelde heroyske ferhaal fan jim pake of sa'n apart foarfal dat allinnich op famyljefeesten rûngiet.

Hasto in bjusterbaarlik, karbûstich of alderraarst ferhaal dat diel wurde moat mei in grutter publyk?

Stjoer dan in mailsje nei info@akkersenvelden.nl. En wa wit hearsto dyn ferhaal werom yn 'e eter!



Oant sjen yn ús winkel

ADRES
 Boterhoek 3
 Ljouwert
 (058) 234 30 70

info@afuk.frl
www.afuk.frl

/stichtingafuk
 /StichtingAfuk

IEPENINGSTIDEN
 Tiisdei o/m freed
 10.00 - 17.00 oere

Wy hawwe mei yngong fan 1 jannewaris 2024 nije iepeningstiden!



Foar dizze en oare boeketips, sjoch op websjop.afuk.frl, of scan de QR-koade.

Boeketip 5

1 **It grutte Pake & Beppe Foarlêsbok**
 Mirjam van Houten
 € 19,95

In prachtich foarlêsbok foar beppes, pakes en alle oare minsken dy't graach foarlêze! Mei mear as tweintich foarlêseferhaaltsjes, spesjaal geskikt foar bern fan 2 oant en mei 6 jier.

2 **Friezinne om utens**
 Pia van Rees
 € 19,95

Friezinne om utens is de twadde ferhalebondel fan de nei Kanada emigrearre Pia van Rees. Diskear falt it ljocht op it deistich libben fan har húshâlding yn Kanada en de ferskillen mei Nederlân.

3 **Klút & Mients ûntdekke eb en floed**
 Laura Steigenga en Sabine Tigchelaar
 € 15,99

Mei dit edukative printeboek komme bern op in boartlike wize yn 'e kunde mei eb en floed en de bisten fan de Waadsee.

4 **Wiardus Willem Buma en het geheugen van Friesland**
 Sybrand van Haersma Buma
 € 24,90

De skriuwer sketst in byld fan Fryslân yn de njoggentjinde iuw, wêryn't de geast fan modernisearing gauris yn botsing komt mei de winsk ta behâld fan it âlde Fryslân.

5 **Alde Tsjerken Nije Lûden**
 Jolanda Haven en Ellen Schat
 € 19,95

In boek mei fyftich persoanlike ferhalen oer de takomst fan tsjerkegebouwen. It boek is skreaun nei oanlieding fan it fyftichjierrich jubileum fan de Stichting Alde Fryske Tsjerken yn 2020.